

Beneam wat it bern docht: 'Brecht kin heech springe!' Gean dan fierder mei it opsiferske. Nei 'Kin ik dat ek?' kin elk besykje om it nei te dwaan.

By 'Jaa! Ik kin it!' geane de hannen yn 'e loft. Sis it ferske in pear kear op. It hinderet neat as de bern deselde 'keunstkes' betinke. It is moai dat se fernimme dat se it kinne.

• **Sjonge: Flean mar yn it rûn**

Nedich: It ferske 'Lekker bewege' fan Ilona M.A. de Vries-Bonnema út 'Krobbekoer'. Dit ferske is te belústerjen yn de Tomketeek, by 'Mear mei Tomke' – 'Bewege'.

Pas de tekst fan de earste sin oan nei 'Flean mei dyn wjukken in eintsje yn it rûn', dan past it ferske noch better by 'Koko kin it!'.

Flean mei dyn wjukken in eintsje yn it rûn.

Stap no op 'e teantsjes.

Ooeiii! Fal mar op 'e grûn.

Sjong it ferske en lit de bern fladderje mei de wjukken. Stap mei fladderjende wjukken troch de romte, rin op 'e teannen en fal op 'e grûn, lykas yn it ferske te hearren is. Lit de bern wer oereinkomme en sjong en doch it ferske in oantal kearen achterinoar.



C C

Rin op 'e fuot - sjes in ein - tsje yn it rûn. Stap

C G G C

no op 'e tean - tsjes. Ooeiii! Fal mar op 'e grûn.



LESBRIEF KOKO KIN IT!

DE NATIONALE
VOORLEESDAGEN



Nasjonale Foarlêsdagen

Fan 20 o/m 30 jannewaris binne it de 'Nasjonale Voorleesdagen'. It PRINTEBOEK FAN IT JIER is yn 2021 'Coco kan het!' fan Loes Riphagen. Dat printeboek giet oer it fûgeltsje Coco, foar wa't in grutte dei oanbrekt: sy en alle oare lytse fûgels sille foar it earst fleane. Mar dat is hiel spannend! Wat as it net slagget?

Yn dizze lesbrief fine jim in Fryske oersetting fan it boek: 'Koko kin it!' Mei dy oersetting kinne jim it boek ek yn it Frysk foarlêze. Fierder fine jim suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek hinne.

Foar mear ynformaasje oer de Nasjonale Voorleesdagen: www.nationalevoorleesdagen.nl.

• **Ynteraktyf foarlêze**

Nedich: it printeboek 'Coco kan het!' fan Loes Riphagen, útjouwerij Gottmer.

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen. Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

• **Foar it lêzen**

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat de groep net te grut is, sadat alle bern echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Dêr stiet Koko op. Wêr is Koko? Wat docht se? Wat tinke de bern: hoe fielt Koko har?
- Lês de titel foar: 'Koko kin it!' Wat soe Koko kinne?



• **Koko kin it! – oersetting**

‘Hjoed is it in grutte dei’, seit mem.
‘Sjoch! Alle lytse fûgels sille foar it earst fleane.’

‘Gean do ek mar, Koko. Do kinst it!’

Koko sjocht foarsichtich nei ûnderen.
Wat is it heech!

Se drukt har wjukken stiif tsjin har rêch oan en trippelet gau werom nei it nêst.

Ik doar it net, tinkt Koko.
Mar ik bin in fûgel. En fûgels fleane.

En as it slagget, dan kin ik mei myn freontsjes moaie foarmen fleane.
Dat liket my leuk!

Mar as it net slagget,
dan fal ik hiel hurd op 'e grûn!

En as ik flean, kin ik einliks ite wat ik sels wol.

Mar as it net slagget...
It is hiel gefaarlik dêr op 'e grûn.

‘Mem, ik bliuw gewoan by dy.
Ik kin it net!’

‘Tuerlik kinsto it ek, Koko.
Hoechst allinne dyn wjukken mar út te slaan.
Al it oare giet fansels.
Besykje it mar!’

‘Nee, mem! Ik kin it echt net!’ pipet Koko.
‘Ik wit seker datsto it wól kinst, leave skat.
Ik sil dy helpe...’

‘Hupsakee!’
‘Goed fladderje mei dy wjukken!’
‘AAAAAAAH!’

‘HÈÈÈÈÈLP! MÈÈÈMMYYYY!’

Flap...
flap, flap...
flap, flap, flap...

‘Hahaaa! IK FLEAN!
Ik kin it! Ik kin it!’ jubelet Koko.
WOEI!

‘Hoi!’
‘Hoi, ik bin Koko!’
‘Hoi!’
‘Hoi!’

De hiele dei docht Koko neat oars as fleane.
Se fljocht sels nei it topke fan de alderheechste beam.
‘Koko, komst thús?’

‘Mem! Sjoch ris wat ik al kin!’
‘Dochst foarsichtich, Koko?’ ropt mem.
‘En tink om dy ...’



BOEM!

‘Leave Koko,’ flústeret mem, ‘no binne dyn wjukken wurch.
Mar wat kinsto goed fleane!
Gean mar lekker koesen. Moarn is der wer in dei.’

JOEHOE!!!



• **Tips foar lê-, sjoch- en lústerfragen**

Praat ûnder en nei it foarlêzen oer de fragen:

- Mem seit: ‘Alle lytse fûgels sille hjoed foar it earst fleane’. Kinne de bern de oare fûgeltsjes fine? Wat dogge se?
- Koko drukt har wjukken stiif tsjin har rêch oan en trippelet gau werom nei it nêst. Wêrom soe se dat dwaan?
- Koko har mem jout Koko in wjirm. Mar Koko wol leaver wat oars. Wat wol Koko leaver ha?
- Koko tinkt: ‘It is hiel gefaarlik dêr op 'e grûn.’ Wat is dêr foar gefaarliks op 'e grûn?
- Hoe fielt Koko har? Wêr kinst dat oan sjen?
- Mem sil Koko helpe. Hoe docht se dat? Wat moat Koko dwaan? Fladderje mei de wjukken! Kinne de bern dat ek?
- Wat gebeurt der as Koko út it nêst is? Giet it yn ien kear goed? (Draai it boek in slach, sadat Koko echt nei ûnderen falt.)
- Koko kin fleane! Wat docht se allegear? Kinne de bern de line dy't Koko en har freontsjes fleane, mei de finger folgje? Wat fynt de poes dêrfan?
- Earst wie Koko bang om te fleanen. Wat fynt Koko dêr oan 'e ein fan it boek fan? Is se noch bang?

Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

• **Boartsje: Fleane!**
Nedich: stoepkryt

Tekenje mei stoepkryt in grut nêst op 'e tegels. Grut genôch om mei in pear bern yn te sitten. Koko leart hoe't se fleane moat. Wat seit mem ek alwer? ‘Goed fladderje mei dy wjukken!’ Kinne de bern dat ek? Lit se in rûntsje fladderje. As mem ropt: ‘Koko, komst thús?’, dan fleane de bern allegear wer nei it nêst. Koko kin hieltyd better fleane. Se fljocht sels nei it topke fan de alderheechste beam. Tekenje in lange line op 'e tegels. Kinne de bern dêr oerhinne ‘fleane’? Meitsje ferskillende rûtes: rjochte linen, golvjende linen, hiele kronkelige of krekt hiele hoekige linen. Lit de bern krekt as

Koko de moaiste foarmen fleane.
Beneam wat de bern dogge: ‘Fladderje mei de wjukken’, ‘Flean mar moai rjocht troch’, ‘Flean mar in rûntsje’.
Bytsje spannender? Meitsje by in oantal linen hindernissen, lykas bygelyks in bankje of stoel dêr't de bern op ‘fleane’ moatte en wer ôf springe.
Fierderop yn 'e lesbrief stiet in ferske dat moai by dizze aktiviteit past.

• **Nifelje: Koko**
Nedich: fearren (echte of út de winkel), tûkjes, gers, bledsjes (echt of strookjes papier), fellen stevich papier of karton, ‘wibealachjes’, giel of oranje papier, plaksel

Praat mei de bern oer Koko yn it nêst. Wêr bouwe fûgels harren nêst? Yn in beam, yn in strûk of yn in nêstkastke. Wêr meitsje se it nêst fan? Fan tûkjes, gers, plúskes en oar guod dat stevich en sêft is. De bern plakke mei de tûkjes en it gers in nêst foar Koko. Se plakke Koko ek, mei de fearkes. Sit Koko noch yn it nêst of is se al fuortflein?
Troch twa wibealachjes en in trijehoekje fan giel of oranje papier op de fearkes te plakken yn de foarm fan in gesichtsje, feroarje de fearkes ynienen yn in fûgeltsje.

• **Opsizze: Jaa! Ik kin it!**

It opsisferske giet oer wat de bern allegear al kinne. Sis it opsisferske op. Freegje hieltyd ien fan de bern om wat sjen te litten fan wat se kinne. Tink net te dreech: yn 'e hannen klappe, stampe mei de fuotten, fladderje mei de earmen of in rûntsje draaie is al hiel knap.

Do kinst dit, ik kin dat elkenien kin wat!

**Wat kinsto?
Dat is te gek!
Kin ik dat ek?**

Jaa! Ik kin it!

Nei ‘Wat kinsto?’ mei ien fan de bern wat sjen litte. >>